

Tink oan my

skreaun foar de rûbadoersjûnen fan 2002

útbrocht op de CD "Der tuskenút"

kearsang:

tink oan my en fal yn sliep	E	G	D
tink oan my en tel de skiep yn it lân	E	G	D
tink oan my en tink oan moarn	E	G	D
dan is alles wer gewoan	E	G	A

brek dyn harses net, de kop yn it sân	D	E
hast de tiid, der is neat oan 'e hân	G	D
fielst dy sweven, 't leven laket dy ta	D	E
dy om't even want do kinst alles ha	G	D

fan 't wylde wetter hasto noch gjin idee
mar do doardest al in hiel ein yn see
wy sochten skulpen en dy nimme wy mei
mar yn de weagen waard dyn sânkastiel wei

do aaist de kninen en it skiep en de geit
do joust de skilen oan de barch dy't der leit
bist net benaud foar gjin hûn en gjin kat
mar fan it hynder skroksto al wat

nim it libben mar sa as it is
ek al gie hjoed foar dy alles mis
want al stiet no dyn wrâld op 'e kop
do bist altyd noch myn leave pop

wat kin't dy skele wat in oar der fan tinkt
it is wier net altyd goud wat der blinkt
til net te swier oan al it leed fan de wrâld
fiel de waarmte al liket it kâld

brechje:

fel oer de eagen	G	A	D
kop yn it sân	G	A	D
fel oer de eagen	G	A	D
alles is wer gewoan	G	A	D

© Jaap Louwes, Piter Wilkens, Gurbe Douwstra, Doede Veeman